


# Minsken fan doedestiids



**Koudum sa'n 50-60 jier lyn  
troch Sietse Gerts  
(v.d. Heide)**

Utjefte fan de foriening  
„Oud Koudumers“

## Oude glorie tussen Morra en Fluessen

De reproduktie van een olieverfschilderij op het omslag zal bij vele bewoners van de Zuidwesthoek van Friesland herinneringen oproepen aan de „oude glorie” van wat in de wandeling wordt genoemd „De Dammen”, officieel de Galamadammen. Het schilderij werd in 1935 aan de heer R.E. Hoekstra, de toenmalige exploitant van deze pleisterplaats-oude-stijl aangeboden door de „Dammense Praatclub”, een vrijetijdsbesteding die in het televisie-loze tijdperk meer weerklinkt vond dan nu waarschijnlijk het geval is. Het schilderij is wat je noemt „in de familie gebleven”, want wij vonden het boven het buffet in het bekende hotel-café-restaurant „De Luifel” in de Lange Nering in Emmeloerd, waar de jongste dochter van de heer Hoekstra samen met haar man ‘n moderne en gezellige zaak met een voortreffelijke keuken, drift. Een zaak waar ook veel Koudumers en bewoners van de Zuidwesthoek op een tocht naar zuid of west nog wel eens binnenwippen. „Wies”, zoals de intimi mevr. W. Hellendoorn-Hoekstra noemden, praat dan graag nog eens over oude tijden. Zij was ook een van de bezoeksters van de reunie van oud-Koudumers.

De Galamadammen kent een bewogen geschiedenis. Deze historische plaats was in de Middeleeuwen al om strategische redenen van groot belang. Misschien zal iemand nog eens de geschiedenis van de Galamadammen te boek stellen. Daarin zal zeker ook vermeld worden dat van Lenneps „Roos van Dekama” tegen het decor van deze omgeving werd gesitueerd. Wat de jongste geschiedenis betreft: de heen en mevrouw Rinze E. Hoekstra betrokken het pand in 1917. Waarschijnlijk werd het in het midden van de vorige eeuw gebouwd. Het jonge echtpaar nam daarmee de exploitatie op zich van een vermaard etablissement, dat altijd bezoekers van heinde en ver trok. In de zomermaanden kwamen toen de eerste toeristen naar onze contrieren, zij visten en zeilden op Morra en Fluessen. De zestien bedden plachten de gehele zomer bezet te zijn. Behalve een hotel-café-restaurant was er ook een boerderij die door de heer Hoekstra werd gedreven. Verder was er de exploitatie van de tol op de brug, die voor automobilisten werd geopend à raison van één dubbeltje en voor fietsers voor één cent.

In 1935 verhuisde de familie Hoekstra Jan de Bos nam de exploitatie over. De heer Hoekstra vertrok naar Oudeschouw.

In de oorlogsjaren vond de grote brand plaats, waarbij het complex in de as werd gelegd. Alleen de fundamenten bleven over. De boerderij met het prachtige stijlvolle voorhuis werd in brand gestoken door de bezoeker, in verband met in hun ogen, illegale activiteiten en daarmee verdween ‘n stuk negentiende eeuw, dat waarop was geweest bewaard te blijven.

Na de oorlog verhuisde het badpaviljoen dat rond 1934 aan de oever van de Morra was gebouwd bij wijze van noodmaatregel naar de Dammeri. Niets is zo definitief als tijdelijke maatregelen, want momenteel staat het paviljoen nog op deze plaats.

Dit boekje is eigendom van:  
Clein-Terwerda. Snakke 5.

Koudum -

## Minsken fan

## doedestiids

## Koudum sa'n 50-60 jier lyn

### troch Sietse Gerts

(v.d. Heide)

Utjefte fan de foriening  
„Oud Koudumers”

MAITHID '68

Skries op 'e hikpeal  
d' Ald kij yn 'e finne,  
't Snipke yn 'e sleatswâl  
De tsirk oer 'e ekers hinne.  
't Eintsje bliid yn 't wetter,  
't Jerkje greatsk der nêst.  
Strânlijp sit to drôgjen,  
't Ljurkje docht gîn rest.  
't Skiepke efter 'e hikke  
't Lamke smûk der nêst.  
Fiere rop fan fûgels —  
Fryslân op syn best!

Hijr is de frede  
En de rest allinne.  
Hijr fiel'k in wûnder,  
It ivige om my hinne.  
Maitiid — dizze ôre —  
Hwat fiel'k my ryk,  
Mid fûgels en blommens  
**Op dizze Alda polderdyk.**

De Jouwer

Sietse Gerts.

FOARWURD

Sietse Gerts (v.d. Heide) hat sa om en de by 1960 yn de Balkster Krante stikken skreaun oer Koudum, sa'n 50-60 jier lyn en de minsken fan doedestiids.

Dy forhalen binne sa nijsgirrich dat it Bistjür fan de foriening „Oud-Koudumers“ miend hat dizze yn in boekje forskine to litten en sa foar ës neiteam to bihâlden.

Wy binne der fan oerstjûge dat ien en oar tige yn 'e smaek falle sil.

Ut namme fan it Bistjür fan de foriening „Oud-Koudumers“,

Durk Jak van der Veer,  
skriuwer.

Snits, Wintermoanne 1973  
Ljouwerterkade 43.

## Yn fügelflecht 't rigeltsje läns

It doarp leit der as op in terp sa heech; ja men seit de drompel fan 'e greate tsjerke deselde hichte hat as de hoanen fan de toer fan Hynlippen.  
De groun is er tige sánich. Om 't doarp hinne - Efterút, de Poel en Heamar - lizze réstich de boerepleatsen, mei 't lán allegearre greide, as de tsjene fan Roelof, de toalfe fan Siek en de minne saune fan Bart. **SPEERSTRA.**

't Doarp sels is formeard om har beansjtjbou; de beansntsje wurde om utens forsutele. Lodewyk en Anne sjonge 't heechste liet as se yn 'e iere moarn mei in karrefol op Warkum tagean.

De toer fan de greate tsjerke, mei de greate beammen der omhinne, is fan fijrren to sjen - dèr op it stille tsjerkhóf réste de deaden . . . .

't Doarp leit der fredich en stil hinne, fortier is der 'n bytsje. Allinne as by 't bûterfabryk moarnts en jouns de molkkannen tsjin en oar oanklapte wurde, en Jan Heijes mei de greate rún foar de molkwein de buorren delgiselt om dochs mar eerst by 't fabryk te wézen, forbrekt dat de stilate hwat. Dan binne der noch de smidsen hwer 't mar tige op 't ambield slein wurdts, dat mei in bytsje minder ek wol ta kin. Oars is 't yn 't doarp stil, o sa stil.

- De Boargemaster wennet op „Grovestins“; de álde stins mei de greate tún en hege beammen, hwer't altyd houdouwen yn húshálde. Pelysje de Vos mei dy sjitte; ik bin dan meatse by him,

- Dokter de Jong bisiket syn pasjinten bütén Koudum mei de gléswein, mei álde Abe, mei syn flewien petsjie op, as fuorman. Nou giet dokter troch Bokma's hikje, altyd deselde skommeljende gang, bolhoed op en keep om.

- Dominy Schokking stapt it álde lokaletsje binnen, efter de álde pasterije. Wy hawwe hijoed fraeglearen. It pomperke hwer 't ik it fers op oerskreaun ha leit op myn iene knibbel. En wunderlik is 't, mar nou just krij ik gjig beurt.

- De Féarts giet krekt mei syn motorfyts fuort, dér kin der tige mei oerwei, ja sels sa, dat er der mei wol ris bopper oer in skieg binnekflucht.

En nou fjirder yn fügelflecht. Wy áld Koudumers kinne se noch bést foar ús krije, sels allinne mei de foarnamme bringe wi se to plak.

- Sake karrider makket him reisfeardich foar Warkum. Mei twa hounen foar- en ien únder de karre, is dat in swiere reis foar d' áld man. De tiid, dat ik moarnts nei skoalle gean hat Sake syn hounen altyd efkes los. De beesten dogge neat, mar 'k bin o sa bliid as se my mar net iens oansjogge. Der is ris in houn fan Sake deagien, dy hijtte fan „Jaen“. As it nou giet oer de rejelaens fan de minsken, is Sake syn sizzen altyd: „Ja, mar Jaen isdea“.

- Jan Jabeeks, yn syn jonge tiid fést in drege baes, áld fiskerman, sit foar syn álde wente to nettebreidzjen.

- Alde Bleeker, tige min op 'e gang en heal blyn, knoffelt hwat om hús hinne. Nou stiet er by 't hikje; syn bril mei swarte glízen op, dikert er it kampke oer.

- Pibe Küper is drok mei syn bûterfetsjes, dy't er op tiid oan 'e fabryk ófleverje moat. Mei oardeheal tosk yn 'e mûle kin der mar min syn kalkeneintsje féstahlde. It toarteldouke, yn 'e kouwe by him, sit mar mankelyk út to sjen. Sjoukjé is min op 'e gang en moat foarsichtich oan.

Aaltje Pot. Aalsje, mei de swarte mûtse op, hat gjin lins; de doar fan har snobbeswinkel stiet net stil. Dér helje wy ús hert op: ulefellen, swiethout, suurtsjes, stikken drop ensf. enst., meatst foar mar ien sint it stik. Ek segaeren, mar o sokke minnel!

- Jozep Schurer, áldergewoante de hán tusken bigroentsje en broek yn, is yn petear mei syn neiste buorman. Lilk, o sa lilk kin der op my wurde as wy togeare Klaas Okkinga's „Uierzall“ yn lege bussen dogge en ik dan mei opsetsin him stikem dy buskes tatriuw hwer 't deksel mei gjin mooglikheid óf to krijen is.

Nou de singel op, dy álde singel mei syn moaie hege beammekrún.

- Sipke Bakker. Sipke, gol fan aerden o sa tük yn 'e hannel; ik help him wol ris mei syn affaren. 't Is ier en bytiid dat 'k by Sipke oan 'e doar kom, kom binnen, seit er. Efkes sitte, de hannen gear, dan 'n bakje thé mei in brochje; wy prate o sa súnich om 't er immen yn 'e selde keamer slept.

- Hoe hiel oars by immen dy 't ik helpe moat mei syn koubeesten. Nou is de nacht wol hiel koart. Ierdetsjuster stean ik moarnts om healte trijen al by de efterdoar. As de doar open giet sjoch 'k it théwetter oan 'e kók. Ik moat mar efkes wachtsje wurdts er sein. En yn de healréde dat dy man him syn thé mei brochje lekker smidsje lit, stean ik bútendoar yn 'e lije fan de greate grieene skuorre to wachtsjen, mei di nochteren mage. De man dy 't my dit oandacht sit mei foaroan yn tsjerke . . . Heit is lilk as 'k dit thús fortel en seit: „Opslach hiest weron komme moatten!“

- Pibe, stakker, yn 't weintje. Mei syn heil forlamme hannen en fuotten kin der mar min op 'e gang komme. Jieren hat er al sa omkrúst, hwat in leed en lijfen.

**DEERSTRA** Kees stiet by Jouke de Boer yn 'e greate trochreed, as meastal beide hannen yn 'e bûse. Hynders binne der op dit stuit net, dos hat Kees it maklik en kin sa wol tüzen jier wurdts.

- Rinke Kruis kuijpt de strijte läns de knynebuorren yn, as altyd de hannen op 't gat. Wy kinne 't pleagien wer net litté, trúwe him stikem hwat yn 'e hán, in stintsje of hwat we ek mar fine kinne. De man wurdts lilk, gjin wunder. O, hwat kin der dan fan him ófsjipe.

- Ynze hat in prater by him, yn 'e smidte. It giet er wakker omwei, oer tsjersaken en poletyk. Ynze snúft noch al ris en stiet syn mantsje.

Alde Kemker slacht tige op in kachelpipe om dy 't net omlyk wol. Hy skouwt syn bilijs as ik him freegje in búgel oer myn klomp to meitsjen; en dat midden únder syn karwei. It noasket him net, 't waergéls stiet mar min.

Loike Dokkum, áld wethálder. Ik wit noch goed dat dy mei de marse roun, nou dochter er dat net meer. Ik bring wol ris lapkespullen foar him fuort, nei de boeren Únder Molkwar. It lean is net heech, twa of trije botsjes it pakje, nei gelang de greate fan bistelling. Dat giet meast to foet, mar as 'k ris in inkele kear in fiets hier foar in dûbeltsje yn 'e üre, bliuwt er net in bulte fan oer.

- Pekaubaas - dy tiid miskien de äldste fan Koudum -, mei syn heechsiden pet op, sit oan  
e hüsside fan de älde Klopper, de lange pipe hat er oan.

Vd HEIDE - Willem Hindriks, ús Pake, wennet efter älde Pekaubaas. Ik sit wer ris in kear by him thús yn 't mankelyke keamerke. 't Giet as altyd oer 't jaiken. Pake is äld jager, en dat sit my ek yn 't bloed. Hwat in keardel as 'k him sa sitten sjoch. De oerlevering seit, dat er yn syn tiid in dea hynder allinne op 'e wein lükte. Men kin 't him op syn äldre dei noch oansjen ho mänsk er west hat. Sels nou hat er noch hiel hwat yn 'e bouten. Heit hat in skiep kocht en dat rint yn 'e bleek by Pake foarhüs. Pake hat dat skiep wer forkocht, neffens Heit foar to min. Dat noasket Heit net en hy makket Pake dár in forwyt fan. Pake oars sa goedlik, mar dit nimt er net. Hy grrypt mei beide hannef it skiep op en goait it Heit ta. Dér hastouw dyn skiep, seit er. - Ik neam it noch al hwat.

- Harte Jotsjes. Ald en forslen, stok yn 'e hân, syn iene skonk wol net best, sa stiet er by 'stek foar syn lyts äld hûske. Ik ken him net oars as mei 'n great prümke yn 'e mûle.

- Jan de Hoop, altyd skodholje, is op 'e wâl oan 't turfloegjen; de wite kedde foar de wein.

- Douwe fan Jantsje Gearts, omropper, skearbaes en hwat al mear. Hwat kin der torjuchte op syn äldre trumpet. As ik Douwe freegje hwat er nou wer foar nijs is, seit er: „dan moast man better heare“, en dérmei kin 'k hinnegean. Mar hwat kin Douwe fijne skreare, net ien better.

FOLKERTSMA. (MYN OERBEPPE) PAKE SJOUWE SYN MEM.

DE BOER. Ruurde Hindrikje sit yn 'k keamerke foar 't finster, as ik om 'e hoeke fan har lytse wente gean. „Kom do hijr ris, heite“, ropt se. Hja moat my efkes „toplaksette“, seit se, oer eat hwer 't sy weet fan hat. Dy golle, hertlike Hindrikje, ien en al blijmoedigen en fortrouwien. Ik ken har al súnt Sjouwe noch yn 'e huis wier. Sjouwe slachtte do wol ris in kou; ik brocht it fleis dan foar him foart. De sopbonken wierne dan foar my, as lean; ik forkocht dy dan foar in dûbeltsje it aedsjefol. Do 't ik Sjouwe ris in kear frege, as er minskien binne dy't se noch to djür fine, sei er: „dan goaist dy mar mei bonken en al om 'e earen“. Sjoch, dat is Sjouwe, ien mei folle sin foar humor.

- Piem. Hwat äld Koudumer koe ús Beppe net, älde Piem. Hja is yn achittsen stoarn, do wie se achentachtig. In minske, dat yn har lange libben folle meimakke hat. As widdou bleau se mei fjouwer lytse berntsjes sitten, hwerunder ien dy 't har forstân net hie. Mar 't libben frege om fjirder. In reis nei de earmfälden (nou lyts hündert jier lyn) sei har fyftich sinnen ta, dér bitanke se foar. Dan mar kreamwarje en skijnmeitsje, de lytsen thûs moasten dan mar op 'e lytsen pasje. En ho is 't altyd goedgien!

- Nou op har äldre dei rint se noch mei petroalje. De swiere amers oan 't jok en sa giet 't de oarselwei op, de klanten lâns, earst Sipke - Karel - Grietsje, dan Roel Antje, Yke Tsjol ensf. ensf.. Tige wurrich en üngedien komt se dan wer thuis, skelk en rokken troch hurde wyn en stijtjiche hannef under de oalje. Nou gou in bakje treast en mei deselde klean oan op 'e waerme stove. Mem sjocht dat en ropt: „hearken Mem; pasje dochs op, jo soone noch libbenslyf forbrânné“. Beppe har boekhâlding skriwt se mei romeinske sifers op 'e side fan de skoartienmantel, mei wyt kryt. Dan to bitinken, dat er in inkele klant is dy 't it

FOLKERTSMA  
Door van  
Hindrikje  
mijn  
verlefte.

bisjkje doort it älde sloof to koart to dwaen. Dat is moai waer en lange dagen, Piem foar en Piem nei, sa komt se deroan. 't Is altyd deselde; har man hat fést jild.

- Dét komme de beide spoorweinen de buuron del, skilje om 't libben. Sietse Post komt it postkantoar út en mei de postsek yn 'e hân krûpt er by Hindrik foaryn. De äld kedde derfoar; sa giet it dan yn in sukkeldrafke nei 't stasjon.

- As ik thûskom skouwt Mem ús sydfinster omhiech; Heit krûpt er under troch, it gewear mei. 't Giet ús oerbuorman net oan hwer 't Heit 't syn deishier siket. Heit kin min mei Lemstra.

Iere Maeitiid.

't Is hjoed moai foarjierswaer. De fügels wurde warber. Der komt wer libben en fleur yn 'e natuur.

Jurjen Attes leit yn 't lân fan Roelof Klazes mei't fügelnet. Ik stean efkes by him efter de skûle, der flucht „gjin kop“, seit Jurjen. Dan gean 'k wer fjirder, op handel út, de boeren lâns om deade lammen, priis in dûbeltsje 't stik. Ik moat poatoan. 'k Haw in swiere konkurant oan Jan Uilke, dy sit ek net stil. JAN GRAS

Dizze moarn bin 'k al ierenbijt op 'e lappen; ik moat in keal by Bouke Draaier yn 'e Flait ophele, dat giet dan mei Klaas Douwes nei Snits nei de merk. De kroade mei, en om fjouwer ure stean ik al by de boer op 't hiem. It is in swiere keallebolle, sa'n fijtich-fyftich kilo libben gewicht, en dy wol mar min stil lizzen bliuwe. Sahwat healwei en dér rekket er ofje 't kroade, der weryn krije vol my mar min slagje. Dér stean 'k yn 't tsjuster, 't skriemen stiet me neijer as 't laitsjen. Der komt immen oan. Heit komt my tomtjite.

't Is aeisikerstiid, nou de Heamer yn! Oer 't Hindrik-sleatsje, dan troch Koens syn lân, foar Otte's glêzen lâns - 't plak mei de measte kânsen - en sa de hoeke fan Jetze yn. Mar 't wol net, dizze moarn, de buuron Auke en Jan Valk binne ús foar, dy hawwe de fügels forjage, wy fiskje efter 't net.

Juster wiene we yn 't lân oan 't sleatsjespringen, ik rekke der middenden. Wy nei 't hegelen, dér haw 'k my útklaeid en myn klean in bytsje opdroege.

Simmer.

't Is waer as side. De famkes sitte to bikkelen op 'e hege stoep fan Jan Uilkes. By skoalle is Anne fan Piba yn 'e slach mei Anne fan grote Jabek, dy't er oer 'e groun lizzen hat. ANNE/HOEKENA  
fluch en sterke, dér kin Anne fan Jabek net tsjinop. ROOSSEN

Yn skoalle hat master Nieuwenhuis 'wer ris mei Jappe to dwaen, dy't net omlyk wol en net ien fan 'e makliksten is. 't Léste skoft: skriuwe. Dát is myn „hobby“, dér haw 'k in heech sifer op, ik bin jeloers op in dy' moaijer kin. Sjoeke fan Jan en Meintsje. Dan is't healwei toalven, swimme jonges! Lâns Snakke, út en draef de Swarte Wei del, oer de Bartlingbrêge, nei de jister fan Feite, dér yn 'e älde Var is 't plak. De klean út en yn Adams

kostúm deryn. Jaring ten Dam sit oan de oare kant op 'e wal en ropt: „jonges, om in sint om 't húrdst!”

As wy de brége úndertroch en láns de dwinge swimme, sjogge we de grote rotten om ús hinne. Né, tige fies útfallen binne we nou just net. Yn 'e jister lizze farske kouebulten, dér smarre wy ús wol ris méi yn en dan wer to wetter, hwat in wille!

Dat en net ris ien fordrinkt is wol in wunder.

It hat my ris nei stien, 't gyng er om. Hessel fan Lemstra hat my doe rédden.

As Bouke Kramer, troch ús swimmerij, mei syn jonge appelskimmel op 'e loop rekket, komd de pelysje: 't moat útwéze dér by de brége! Mar dat is mar foar efkes, 't álde plakje binne wy net wei to slaen. Allinne sneins swimme wy wol ris op 'e hoeke fan 'e Houkesleat, dér is better plak foar ús sneinse klean.

Neimiddel, nou to fiskjen. láns Bart Speerstra, nei de Yndyk. It wol net best byte, och ús ark doocht ek'net. Ik kom méi neat thús. Mem bliid, dy lest gijn fisk.

#### Hjerst.

Nou sliikje we balstiennen, wol en bonken. De balstiennen fine we op 'e bou; dy wurde dan letter bikkie en foar sa'n twa goune de kubyke meter aan de gemeente forkocht. Hindrik Koarnstra is dan ús man. De wol en bonken gean nei Aaltsje Pot, foar in appel en aei. As 'k by álde Rein Durks de bonken út syn hinnehok helje, komt er my oer 't mat, de heaforker yn 'e hán. „Ik sil dy rédden”, ropt er, mar Sietse is Rein efkes to fluchóf.

Hjoed bigint it lysterfangen, dér bin ik wyld op. Wilken derfoar bigjinne we al búgels to snijen, út'e wylgen oan 'e Dammense wei. Soks méi wol net, mar wy fiele ús únder en boppe de wet. Lit de pelysje mar komme, krije is hwat oars.

We sille neimiddel hurdhoepelje. Wigle fan Bouke en noch in pear oare mannen hawwe dat organisearre. De prizen seit neat, mar wy binne prezint. It is in heislík libben foardat it spul los giet. Der wordt flein om 't libben. Ik sit yn 'e prizen, mar tsjin Jan fan Rein Innes, de prijswinder, moat ik it óffizie.

#### Winter.

Der is iis, nou ride! Der is in moaije flakte efter Marten Popkes. Op 'e áld wyk oppbine, de kloppen yn'waring fan 't skip, dan nei de Var, dér ride oan 't de lette joun. Myn redens binne net bést meer, álde fan mem út har fammejieren. Ik ryd op sokken, mar hwat dogge my myn teannen sear as 'k jounz de redens onderwei doch. Koudum hat goede riders, Jan STEEGENGA fan Beant is der ien fan. Hwat binne wy greatsak as we ris foar in famke opлизze meije. *(Tja, dochter*

*(58) Wita leerde ik jijne 1988  
Klokkewit te leerten  
Amsterdam.*

De jongfeinten binne nou yn 'e singel oan 't piksjitten, ek tipjen wurdert folle dien. Dérf hat Andries fan Pibe tige slach fan.

Otte en ik geane de Poel yn. Dérf lizze Auke Valk en heit to fügeljen, yn 'e fyftsjene fan Olle: 't Is kåld en dérby bigint it ek noch to snijen.

Grate kloften wylsters gean ús foarby, 't súdwesten yn, mei sa'n gang as siet de kweade harren efternei. „Mei dy snie binne de fügels gek oan'e groun”, seit Auke, dat blykt, it fangen wol net.

Nou is de hiele wráld bidutsen mei ien grote tekken fan snie. Auke en heit d'er op út mei pykhaek en gewear. Der moat in deihier komme. De reis giet om in otter. Op 't hiem fan Durk Jetlsjes wurdert er printe. Sa láns de Dammense Wei giet er nei 't Germensfjeld, it lán fan Imke, oan 'e grindwei. Dérf hat er syn plak, yn in droeve greppel, únder it bomsl.

Auke hat him mei de pykhaek fést tjin 'e wái fan 'e sleat, lit dan los en rekken op heit mei 't gewear. As it skot fált lit de otter him yn 'e sleat falle en fordwynt meiien únder it iis. De skot kin net mis wéze. Wy fiskje de hiele neimiddel mei de houwe, mar gijn otter.

#### Jongestrekken.

Dizze joun sil 't wéze. Yn 'e parren by pelysje De Vos, 't hol fan de liuw. Bootsma en De Vos kuierje de buorren op, nou is de baen frij. Wér in oare joun yn 'e appels by Jabek SJouwers.

Mar hijre binne wy foarsichtich; wy hawwe hwat heard oer fuotangels en sa.

Dan nei 't hóf fan Pieter Schut; dér kinne wy mar útsiljkje, size myn maten. De efterkant fan 'e tún is ófslúten mei tige heech stikeltrie, mar dat is foar ús ek al gijn biswier. Wy kinne ek troch de beammantel, 't Is tsjuster, alles liket goed to gean, dan op ienkear is der únnre. Wy, mei de wei en de spraek bikend, witté hwat ús to dwaan stiet.

Mei de búsen fol únrýp gud komme wy wer yn 'e buorren - yn myn broek sit in grote winkelheak.

Myn broer, Willem, hat in buks. Dérmey kinne wy tige oerwei, gijn mosk is feilich. Yntema hat 'n pear álde amers op syn skiepkampke, dy hingja dérf oan in peal; hy brukt se to skiepelotsjen. Dat is nou just hwat foar my, dérf moat ik in skot op weachje. De dieder is gou foun. Yntema liik fansels. „Noch ien kear”, seit er, „dan bin ik by de pelysje”.

Hy, mei syn drigeminten mei pelysje, dat nim ik net: En Yntema is noch net sa hiel fier fuort of dérf giet 't wer: rangl op dy álde amers. Mar wy driuwé 't wol ris to fier.

By Beppe yn 'e huis ris hwat fan 'e want sjitte, dérf sjogge wy gijn bien yn. In swarte trie jen oan 't ear fan Beppe's kopke en dan oanlúke as sy 't kopke opnimme sil, is foar ús gijn súnde - „'t sil der jimmie nei gean”, seit Beppe.

Mar dan glézetikje, alderwichtichst moai wark. Joun kriget Anne Reenskje in beurt.  
's Spul is foar-in-oar: tik, tikke tikke tik-tik, tikke tikke tik . . .

Reenskje komt foar 't finster, die blompotten wurde opside skouwt. Dan bitaest se de rúten en de kezynnen. Dér heare wy Anne: „hwaat mienstou nou ju, dy smeereappelen sitte bütendoar“, seit er tsjin Reensk. 't Giet ús tige nei 't sin: tik, tikke tikke tik - tik, tikke tikke tik . . .

O, hwaat in nocht! Mar dér komt Anne oan, stok, biezem of hwaat it mar is yn 'e hân. Dan wurdet it ús tiid. Wy siliëke wer in mij slachtoffer.

Myn kameraet en ik binne forwoede lêzers. Hy hâldt it mei de Lord Listers, ik mei de Buffalo Bills en de Nick Carters. Dy boekjes, foar in sintmannich to krijen, sit avenirü yn, ien stik romantyk.

Der giet hwaat yn ús om, der moat ris hwaat fan wiermakke wurde hwaat er yn dy boekjes stiet, sa oardielje wie toegarre dôr op it stek. Hjir yn Koudum moat ris hwaat libben yn 'e brouwerij, hwaat sinsaesje, op syn „Wyld West“.

En it giet oan. Immen moat in somme jild yn in ponkje deponearje by de safolste beam efter Stoffelsma, oan 'e Dammense wei, op dy en dy dei, jouns sa en sa let. Dochter er dat net, dan stiet it er net sa best mei him foar, dêrfan kin der wîs wéze. En of 't er wol ris fan de „reade hoanne“ haerd hat?

Ik skriuw de brief, en dy wurdet stjûrd aan Nolke, dy't, seit men, wol in bytsje efter 'e hán hat. Nolke, de man kin sels net lêze, giet er mei nei syn neiste buorman, pelysje Bootsma. Dy seit: „der net by site litte, nei de Boargemaster!“ En dér wurdet fansels tige hifke en hifke. Hwaat nou, en hwa binne de dieders? De Boargemaster tinkt oan in grap, mar, seit er, it sil net as grap biskouwd wurde.

Nolke is net to hâlden; hy skelt mar fan dieven en moardners. Sa is ien en oar gau oan 'e grote klok - myn namme wurdet ek al ris neamdt. Heit sjocht my al ris oan en seit: dou hellest my dochs sokke rare meraekels net út, wol? Mar myn maet en ik binne sa ticht as in pot; forriede is der net by.

En op dei en úre giet Nolke nei de safolste beam oan 'e Dammense wei. Yn 'e hân in seki meintjes, ûnder syn jas in dikke stok. De beide pelysjemannen folgje him op in ôfstân. . . Dy sille yngripe as 't nedich is. . . Mar it „drama“ hat in üntidich ein: wy, de didders, bliuwe wei. 't Is ús net om ôftroggelarij to dwaen, mar wy wolle sinsaesje, wy moatte Nolke en de pelysje ris to filter hawwe, en dêrym binne wy aerdiich moai slagge. Dér hat sels de Boargemaster oan meiholpen troch it „drama“ echt to nimmen. Ja, ús „Wyld West film“ hat súkses.

#### Jagerij.

Heit mei ienkar yn 't jier i e n hazze sjitte fan de Van Swinderen's yn Gaesterlân. Dan giet er in pelysje út Himmelom of Bakhúzen mei. Dêrom fansels, dat wysels oars de tél ris

kwytreitsje kinne. . . By de iene „man fan 'e wet“ is 't: great of lyts, in hazze is in hazze, dêrmei út! By d'oare is 't: nou great is der net, der moat noch mar ien by, Gerrit.

Sa binne de minsker wakker üngelyk: de ien jowt jin kâns op in deihier, de oare hâld op mei in térsker.

En dat yn in fjild hwer' it rûgelt fan hazzen. Yn in finne by't Flinkeboskje, ûnder Nijebuorren sjogge wy saun om ús hinne lizzen, allegearre hazzen fan mynhear.

*mijn  
ond-  
ont*  
Jaejen is swier wark. Sa'n hiele dei yn 't wierte lân omsjouwe is drech wark, dér kin 'k fan meiprate. Hjoed is de reis nei de Wâlder, fansels to foet. Dér jaeje fan 'e buorren oan 't slûske, visa versa, it binne einen fier. As de fangs goed is, giet idj tsjin 'e middei nei Rein van Veen, op 'e hoeke fan 'e Bokkelean, om in bakje by ús brochje; mar it bart ek wol, dat wy ús stikje brea rinnendewel opite; dan is di dei wol tige swier. En jouns de reis wîrom. Dan by Boersma's polder noch ris yn 't reid, dat troch-in-oar frissele reid hwer' hast gjin trochkommen oan is.

Mar derút krije kin ik se: ik kin alderheislik skreauwe. Boersma op 'e Dammen seit: „dy jonge kin bâlte dat de skippers yn 'e mar de seilen strike“.

Nou giet de „lytse man“ - sa nearme de jagers en fügelfappers de man - mei syn lange keep om efter de Slieperdyk lâns op nei Nijebuorren. Ik stean op 'e Dammen, sjoch him gean, en ik wit hwaat my to dwaen stiet. Heit is dér net fie fandinne, yn in stik lân oan 'e oare kant fan 'e dyk. Ik kin de situaasje dár goed. Yn dat iene stik meije wy komme, mar dêromhinne is 't allegearr fan 'e Felsen. As der in hazze opkomt en dy springt oer de sleat dan wurdet it krityk, 't giet nou ienkar om in deihier. Nou kin ik net allinne alderheislik skreauwe, mar ek fûleindich fluitsje, op fjouwer fingers. Om koart te gean (soe Jurjen wol sizze) as ik dat doch, wit Heit, dan is der ünrie. En 't bloed krûpt nou ienkar hwer' net gean kin; hy, dy man dér slûpende efter de dyk lâns, sil witte mei hwa as er it to dwaen hat. En „Hanneman“ forwinket my wer ris in kear.

#### Myn Swanneris.

't Is yn maert, ik moat it Heidenskip yn, mei grondbilëstingbiljetten foar de Ryksûntfan-ger. It wetter is tige heech, 't Ein grindwei nei de Bloksleat (hwer' t nou yn 1958 beamkes stean, dat wie doe sa net) stiet it wetter net fier fan 'e krûn fan 'e dyk. 't Lân oan beide kanten stiet blank. Yn 't binlân, tsjin it poldertsje fan Hindrik Kok oan, sitte seis wylde swannen. Der giet hwaat yn my om.

By de wêromreis sitte se dér noch; dér moat ik hinne!

Gou nei hûs. Heit is lokkich net thús. 't Gewear fan boppen en fuort wer, op in hierde fyts fan Goots. De effterein fan 't poldertsje leit noch droech, dér moat ik lâns om nei de swannen. Ien fan 'e jongen fan Romke, dy't er yn 't lân leit to fügeljen, set my mei 't boat oer de Bloksleat. Dan moat ik krûpe by in eintsje polderdyk lâns. Ik kom foar in stek, der trochhinne kin 'k net, der oerhinné giet ek net hwaant dan sjogge de swannen my. Dan mar

der om hinne; en oan 'e middel ta troch de sleat kom 'k oan 'e oare kant fan 't stek. Dan wer fjirder krûpe, sa'n twa hûndert meter fier. It wetter rint my ta alles út as ik einliks by de polderdyk kom hwerefter de swannen sitte. De swannen sitte fier, foar sa'n skot is myn hagel to licht. Dan gean se oerein. Twe skoaten, mar gjin fear. Yn 't weromgeant haw ik it gewear yn 'e sek foarop 't stjûr fan 'e fyts, mei ien hân fêst. De sel glydje oer 't stjûr hinne, ik slaen myn oare hân ek los, en mei folle gang giet it kop en earen yn 'e dippje ringsleat lâns de grindwei - de swannen wurde djûr bitelle. . .

In dei letter seit Gooits ferwitud: hwat hastou mei dy fyts hawn, dy siet stiiffol wetter.

Ja, minsker, dat is de saneamde „passie“ fan de jacht, dy giet er net út, dy bliuwt.

Sa min wy it âlde doarp forjitten kinne, ek de minsker fan doedeitiids bliuwe yn ús únthâld. Yn harren dwaen en litten se noch ris foar ús libje litte, hiel koart en simpel, dat is 't doel fan diez stikjes.

- Wiebrig en Itje. Alde Itje trommelt de hiele dei mei har fingers op 'e tafel om en ropt al mar oan ien wei troch fan: „Wiebrig, Wiebrig, Wiebrig, . . .“ De âld stakker is blyn, dêrby is har holle tige oerstjûr. . . Wiebrig hat it net maklik mei har manz.

- Dokter Visser kuijert yn syn tún. Murkje en mem binne yn 'e keuken oan 't heisterjen, o, wat kin 't dêr leker rûke. Jierliks geane wy nei Bakhuûstermerke, hwat jonges en famkes mei inoar, Wiger en Age fan dokter ek mei. Dan krije wy parren fan mafrou mei. Fan thús krije ik twa botsjestikken, dêrfan moat 'k merkehâlde. By slaen „jut op 'e kop“ - twaris slaen en myn bújsjild is op.

- Lütsen Eelk. Lütsen hat in reis mei dokter makke, nou spant er it hynder út en dat bringt er nei Arjen Wietses' lân efter Woudstra. 'Is simmerdei, Eelk sit büntendoar oan hûs-side, hja is oan 't sokstopjen. Jan en ik binne by Piter fan Roel Antsje efter hûs oan 't boarkjen. Dêr hawwe wy ús buorkerij, allegearre âlde potearen, dat binne ús kij, de greateste is de bolle.

- Eeuwe Beits. Eeuwe rint it kampke del, op wei nei 't molkfabryk, trompke mei brea onder earm.

- Marrenga. Dêr giet er hinne, great musykboek yn 'e hân, nei de Formoanning, hwer 't er it oargel spilet. Ulfert en Sjoerd binne yn 'e bakkerij dwaende. Ik helje foar in dûbeltsje broadsits - Aeltsje joutj se my, njuggen yn tal, mei in great stik koarstekoekoek der op ta.

- Douwe Gees. Douwe yn 't weentsje, hy rydt him sels; dat giet sa al jiieren. De wrâld seit: „de man hat him yn 't lân efter de fûgelskûle forkromje litten“. Hy is noch tige by de moed as 'k mei him fûskje.

- Sibble Sied. Wy meitsje 't wer fijrst to bûnt, dêr foar 't winkelhûs fan Sibble, skreauwe gjin ein. Dan komt Sibble de doar út en mei altyd tige ôfbítende wurden: „soe 't ek skift wurd'kinne en sykje jimme heil op in oar plak?“

- Notaris de Jong, stiet foar hûs yn 'e tún yn petear mei Piebe Andries, syn túnman. Hy

kin 't net litte en stelt my wer strikfragen. - Gert Frankena is op 't kantoar, hwat kin dy moai skriuwe; hy wol my rounskrift leare.

- By Mensonides. Bern boartsje op 'e stûpe foar 't hûs. De frô komt ta de winkeldoar út, mei in traktaesje foar de bern yn 'e hân. Dy golle Reenskje, sy lit har goede hert wer ris sprekkie.

- Durk Bijkersma. 't Is om middei hinne, Durk wipt by Elgersma yn, om in „assebasje“, 't smakket him, noch mar ien, seit er.

- Geeltje, nou jongfaem. Stakker, har hiele libben lang rydt Pietje har yn 't weentsje.

- Klaes en Tryn. Klaes, altyd tige hastich, hy joutj myn broer, dy't feint by him is, yn-strukjes oer hwat er hjoed allegearre barre moat, en dat is net in bytsje. Syn stopwurd is altyd: „sa man klar“.

- Jabek Wietses, strykjild-skriuwer fan profesje. Nou helpt er Rindert Keulen by 't swyljen, yn 't lân by de Var. Rindert hipt wakker. Hwat kinne dy beide 't pratende hâldie!

- Jouke Feikje, Jouke, mei gouden ringen yn earen, fearskipper op Harns, thûs hat er grientewinkel. Dan giet er freeds mei de grientekarre syn klanten lâns, bêst spul, allegearre fan 'e klaei.

- Douwe de Vries. Douwe, âld postkantoorhâlder; hy praet mei Gert Post, dy sikut de brieven út - ik freegje of 't er tillergrammen binne, dy bring 'k dan to plak.

- Anne Okkinga. Op en top keapman, men kin 't him oansjen. As fjirticher leart er 't melken noch; hy wol boer wurde.

- Wietse Jantje. Wietse, sa'n bytsje op 'e side ûf, rint de buorren del; únder op 'e wâl lei syn fearskip, foaroan yn symkewyk. Dêr neist leit de skûte fan Klaes Douwes, hwer 't Klaes hwat priizen mei wint.

- Jan Prater. Tige min op 'e fuotten, giet er twaris deis nei de sikterij, dêr hat er syn wark. Foar elts stiet er klear, in echte folksman.

- Auke Hindrikje. Auke hat syn skiep molken, komt 't kampke del, leech earpelskylibakej onder earm, ammerke mei molke yn 'e hân. Hy slút it hikje, dan bliuwt er stean. Aldergevoante beide hannen oan 'e refers fan 'e jas, sjocht er it fild ris oer.

Ik moat fan thuis wer ris de bern yn 'e sportkar ride, ús Hinke en ien fan 'e twillingen Ybel en Tjerkje - alle trije nou yn Amearika.

It giet de Dammense wei út. Yn 'e tún fan dokter de Jong wit 'k in wapsennest, dat moat yn 'e brân; de lûsjefer ha 'k fan thûs meinomd. 'Is simmerdei, it brândt as in datsje. Mar o, wat bin 'k bigoun. 'Is ien en al wapsen, se stekke my hwer 'te my mar krije kinne. Ek de beide famkes yn 'e sportkar sitte der únder, se jammerje 't út.

Ik flean as in rinket de wei del, oan 't de hikje fan Imke, en noch ha 'k se by my. Mar o, moat wêrom, de famkes is gjin hûs mei te hâlden. En der stiet my hwat to wachtsjen thûs. Mem pur liik fansen in Hindrikje, o, hwat ha 'k it bidooarn!

Lit my ta bislût ek ris hwat âld Koudumers neame dy't yn dy tiid nei Amearika teagen, wy kinne harren noch sa goed foar ús krije.

It binne: Harmen Hindrikje - Harmen Aukje, Rein en Sjoerd - Piter Griet, Yke Tsjol en *Harmen Bok Folkerama*

spieker - Flobertse.

Dykstra Flobertse de Vries

Meintsje - Sjouwe Grets - Jan en Beits - Abe Tryn - Albert en Jisk - Albert en Afke - Douwe Fok - Gosse en Oeke - Bouwe fan lytse Wiebe - Piter en Ietske - Piter fan Haitse - Hessel fan Haitse - Wiebe Tryn.

It greateste part fan dizze äld Koudumers wenne in lyts fyftich jier lyn yn it plakje Sélân, net fier fan Grand-rapids. Ik bin dér sels ek in tiidsje west, op in fabryk. Op ús öfdeeling wiene wy mei tretsjen man, hwerunder ien Amerikaan, ien Hollander en alf Friezen. Under dy Friezen wiene forskate äld Koudumers. Hessel fan Haitse en ik stiene aan deselde wurkbank. Ik hie myn thús by Wiebe Tryn, foar my tige bëste minsken!

Symke-wyk.

't Is ien en al drokte aan 'e äld wyk. De fearskippers Klaes, Wietse en Pier bringe har spullen, fan stéd meinomd, aan 'e man. De turfskippers Jabek Jurjens en Beant Popkes skreppen om de branje op 'e wein te krijen. Simen Joukes syn skip is ofladen mei grienten.

*Visscher* Albert fan Douwe Haitses makket syn snikke ré foar in nije fracht; mei de puts klest er it wetter oer de foarplecht. Jelle syn moeddersküte hat efkes lins; takommene wike moat er om in fracht nei de terpen, foar Bart Speerstra.

- Wy sitte aan 'e kant fan 'e wyk to angeljen, nêst ús in stikje droege bôle, dat altiten weroan fan 'e heak wekket.

It bûterfabryk.

Dér helje wy swiete môle. Lytse Kees Koops, mei in great prûmke yn 'e mûle, joutt altyd romme miette. By Sjouwe kin dat net lije: miette en gin drip meer. Mem kin sâ wol sjen hwa 't my molke jown hat. Fan tsismakker Bylsma krije wy tsiskoarsten, foar tijskien en op to iten, mar hwat binne dy flau! Dan súpe drinke, om 't hoartsje; it personeel hat mei ús wol deiwurk. Yn 'e bûtermakkerij is Tys ús man, gol yn 't jaen - Sjoerd is foar ús de freonlikste net. By Jelle, masjinist. Yn 'e masjinekamer hat er alles kreas oppüst. It greate fliegwiel ha 'k altyd niget oan. Wy meisje fansels nearne oankomme. Mei lytse Albert gean 'k to molkfarren, de Yndyk läns. Dan tusken Jetze Dykstra en Krist Boukes kin 't lije, der is gin mot om 'e teannen - dy warme swiete molke is bëst yn to nimmen. . . Albert rint yn 'e line. As er it sjocht ropt er: „tink er om hear!“

As 't winter is moat de iiskelder wer fôl. It iis wurdzt út 'e wyk en Var helle. Gewante keardels tögje de greate swiere kuorren mei iis by de stelling op, twa man, de koer tusken har yn. It binne: Jetze en Wabe, Jurjen en Sible, Auke en Gert e.o.. 't Is swier wûrk, mar 't wurdzt aerdiich goed bitelle.

- Dat alles bistet nou allang net mear, lyk as safolle foroare is. Ek 't fabryk is 't fabryk net mear. Mei al dy forbouwerij is 't nou ien greate kâlde stienklompe wurden, krekt in tichthüs.

Streegeye

Willem Jeeps, myn äld omke.

Tige roungear en wurch sa komt er jousn thús. Syn hiele libben hat er by de boer wrot-ten, foar in bytsje sinten. Nou is der oan 't greppelen, foar safolle de roede; de priis is wer de lege kant it neist. As immen him dat seit, wol der net hearre; syn sizzen is dan: „dat hat men dan dochs mar wer“. De winterjournen bin ik noch alris by him thús. Mei de fuotten op 'e älte klompkachel sit ik foar him de earpels te skilen. It is by him hwtz sútrich yn 'e huis. Oanfeie wurdzt net tofolie dien. De kachel riket noch alris. It petroaljestel kin walmyje, minsken noch ta, dan is alles like swart. De äldman is allinne, kin dat alle gearre ek net foarinoar hâlden. Myn äld-omke hat in aparte wize fan syn spullen opbergje. De koeke, by de kofje, hellet er út syn hege hoed; it smakket ús beide lekker. . . .

Jan Kamstra.

Op 'e hoeke fan 'e kninebuorren, aan 'e Singel, wennet er. Nêst snider is der ek skearbaes. 't Is der in huske fan hâldoan. Jan mei tige oer in grappe. Hy hat de measte klanten ùnder de jongerein. En dér giet hwtz om mei dy jonge mannen, sa snoentojoun. Fansels sterke forhalen; de jongfammen wurde dan net sparre. It giet Kekke, syn oare helte, fansels fjirst to bot. As de film oanein is, is 't om en 'e by snein, ek wol ris letter. Mar dan by 't fuotgean komt it noch, 't jonge bloed moat him útlibje. Mei Jan syn goeije rie: „nou mannen, 'n bytsje kalm“, wurdzt gjin rekken hâlden. En Jan moat it bilje as syn oer-buorman him dér-er wer ris in kear syn biswierer hearre lit.

Jotsje Bakker.

Jotsje stapt tige parmantich troch 't hikje nei „Grovestins“, de bôlekoer onder 'e earm. Dér wennet ús boargemaster, dy 't klant fan Jotsje is. Nou hat boargemaster in grote houn, giel mei swart fan úterlik; ús maet rint altyd los op 't hiem en is net sa maklik. Dat Jotsje om 't hoekje fan 't huis komt, nei de keuden, dér komt bijkje oanstouwen. Jotsje spilet fan rûten, mar o hearken, dér hat de houn him al to pakken, fan efteren. Net allinne moat syn broek 't üntjide, mar de byt giet djipper, der komt bloed. Nou komt boargemasterke nei bûten en wol hichte en breedte nimme hoe slim it oankomt is. Jotsje moat by har komme en har sjen litte hwtz er bard is. Dat doart er net, hwant sjoch, 't is simmerdei, Jotsje hat mar ien broek oan. . . .

Sake Ruurdsje.

Alde Ruurdsje kin yn tsjerke min stilsitte. Dat is tige lëstich foar dyjingen efter har. Dér komt praet fan. Der wurdzt in grote pompiere brief oan Ruurdsje tastjörd, hwyrn har 't leksom opflezzen wurdzt oer har ünbioarlik dwaan yn tsjerke. It älte minske is deroer de hiele wike fan streek; sy fielt it as in skande. Dat sil takommene snein oars, tinkt se by har sels. En neï 't men seit sit Ruurdsje fuortoan müsstil op 'e stoel.

Nolke is wer ris in dei yn 'e war; hy kin de dagen mar net útinoar hâldé. 't Is hjoed snein, mar hy stiet yn 't lân to skambükjen; mei de foarke slachter er gremitch om him hinne. Dat is dochts te gek; hy wurdert warskôge. „Dy snaken“, seit Nolke, „dan sjogge se my rinnen en dan gnize se ek noch“.

Master de Jong giet it âlde paedsje lâns nei skoalle. Hy hâldt - dat sjit net út - mei de rjuchterhân de slippe fan syn jas fêst.

De ein.

## Reactie

### Meningen van lezers

In Bilibbenis 29 mei 1977  
13 juni.

‘k Tink de Balkster sil wol in plakje romje foar dit stikje, op foarhân myn tank! Om koart te gean, soe myn âlde freon Jurjen Attes wol sizzé, it wie dan sâ. Myn persoon hat ris in lyts boekje skreuan yn ‘t Frysk, oer Koudum en de mensekin fan doedestelds. Nou waar my fan Time fan Hinne boadskip dien: der wien' in

pearfrouljie en in manspersoan ú Amerika yn Koudum oerkomt. De man, in Amerikaens, wie foar saken yn Hollân; de beide frouljie om hij en d'r noch ris by famylje to sjen. De frouljie wiene: Hendrikje fan Jan en Beits, berne yn Workum en Afke, dochter fan Albert en Afke (meast grote Albert neamnd) Dy beide famyljes binne foar 65 - 70 jier nei Amerika gien en wennen dêrre yn „Zeeland“, Michigan. De frouljie dan hien' mijn boekje ynsjoen, en dêryn folle bikende nammen foun, ek fan harren neiste famylje. En om ‘t myn persoon ek in tiidtsje yn it plakje „Zeeland“ hûsmanne hi, woen' se mei my wol ris prate en dat boekje meinimme. Dat wie gijn bisswier en dy boekjes binne ek nou noch to krijen by de boekhannel fan Muizelaar. Dus ik op in joun nei Abeltsje, yn de „DvE“ stripte 4 (dér hien' de trije meast harren thuis) mei de auto opfelle, it koe net op! En dêrre yn dy smûke, smoute Keamer, mei Abeltsje as herlike gastfrou, dat sier wol goed.

I, gie fansels meast, oer âld Koudum, hwer 't Albert en Afke wenne hien', en oer bikende famyljes dy 't ek nei Zeeland forhüze wiene. 't Wie mar fortelle en freegie, súnder ein. En sa maklik hoe 't, Hendrikje fan Jan en Beits 't frysk, har memmetaal, noch sprekke koe, kom mar op! Mei ien wurd: it wie in joun dy 't hert en siel goed die.

Twa dagen letter: de ûre fan ôfske... in lyts foto makke, elkoarren foar 't lëst, yn eagen sjen... in hân, in tûtsje jown, wie 't ein fan dizze bilibbenis.

Abeltsje, fanke,  
Dou mei dyn goede hert,  
foar my op myn âlde dei  
wie 't súnder mis  
in grote bilibbenis!

..De finke"  
Sietse Gerts

Yn Febr '76.

## ,De Finke" ...

De krupsjes bin der - komme,  
wurde slimmer op âldé dei,  
men kin't allinne net near hâldé,  
forsourging nou, dát is de wei!

Dy kin men yn'e Finke fine,  
dei en nacht, stiet men dér klear,  
it giet der om jins neiste,  
rie en die, hwat wol men meer.

Hwer't warbre hanner helpe,  
de rîst hîj docht sa goed  
it bistroouwen yn'e Finke,  
ek docht joen wier moed.

En hat men âlde kunde,  
dy komme wol ris oer,  
it tensum, sa allinne weze,  
dat is wòl o sa'n toer!

Ien soarch dy bliuw er:  
üs jongste mist nou syn âlders-thús..  
dat God him fjörper hoedeit  
en is sterke jowï nei krûs

..De Finke"

S. G.

## Reis nei it Greate Hûs

Hett en mam mettsje harren wer ré foar in blysk oan harren bern, dat al in jermennich yn dat Greate Hûs is. It is in swiere reis foar de âldtsjes, beide al tage op jieren. Mar it moat, by wolvein, hawan, it is ja iennichste wint waif foar houdeit en dwaze kinder. Hwat waif faek bûrd in mem hat dat nou wein in minne nacht hawn, net silepe, al minne kinne hoe soe it nou wêse, binne hja cér wel goed foar oer hûs bern? Mem hja al it goede foar met har bern, is sa soarchsum soa' allinne in mem dat jar weze kin. *Gongste zomer gearit ± 30 jier*

Dan giet de rels oan. Met de bus. In pear kear eerstappe en dan is dér de grote leane... Tankber en blid binne hja dat harren bern dize dei sa goed by de wurken is. Hja kinne alles melnoat biprare. It blane allinne dy de presjes sa non en dan, dan is it mis...

Sa kin ik trochgean en noch wol meer oer diisse reis fortelle. Hwat is dan wol it doel dat dien skriuwen? Dit! Ik witt der binne pasjinten, dy't nea en toninken binne. Hoe kinne dy idden en (of) famylje sa oso? Biseffel hja dat wort sy dempet hanen sibben en houde? Den binne stakkert by dy't sels net witten oft hja dêrre al of net thuis binne. Mar foar pasjinten, dy't sels wol witte hwearom hja yn dat Greate Hûs sitte, foar dy dêrre is it slim, o se slim!

*FRANKE*  
Ta bislût woe'k allinne noch dit freegle:

Dokters, Broders, Susters, witte Jimme off dy jonge helpers (helpters) fan tjtjntjwurdiel goed foar harren taek birekkenne binne? In taek fan help en neistenleadeft! *SIETSE JANS*  
De Jouwer.

v. d. Heide  
winkset famylje, freonen  
en bikenden in lokkich  
1973 ta.  
706-W. Thompsonstr.  
Harvard Ill. U.S.A.

Hinke Ferwerda  
Tj. Heide is na '83  
Willem v/d Heide werd 87j. (overl ± 1975).

-0-0-0-

1981

7 novimber is yn de Finke rêt Sietse Gerts van der Heide. Hy waerd 90 jier; sùnt 18 des. 1975 widner fan Janna DJJKINK. De kremaesje hat pleats hawn te Goutum op 11 novimber. Wy ha him kennien as in man fol fjoer foar Koudum, Fryslân, de natûr. Oer it leauwe praten woed er net, dochs hong yn syn keamer in tegeltsje "súnder God giet it net". Hy rête is freden.

-0-0-0-

Hjoed is fan ús hinnegeleg ús heit en broer

## SIETSE GERTS VAN DER HEIDE

Berne yn Koudum, Ald 90 jier, súnt 18 desimber 1975  
widner fan Janna Lammerdina Dijkink.

Koudum, 7 novimber 1981

Fersoargingstehús „De Finke“

De bern:

Geertje, Willem Jan, Gerrit

De sisters:

Riemke yn Akkrum

Hinke yn Amearika

Gelegenheid ta roubeklach tilsdei 10 novimber o.s. fan  
19.00-19.30 oere yn „De Finke“ te Koudum.

De kremaasje is op 11 novimber o.s. om 13.00 oere yn  
it krematorium te Goutum by Ljouwert.

Korr.-adres: Zr. G. van der Heide, Dijltweg 5 flat 10, 9751  
NO-Haren.

Op tongersdei 17 desimber 1975 is stóarn myn  
leave froj en ús leave  
mem

Janna Lammerdina

Dijkink

ald 78 jier

De Jouwer,

U. B. Leane 63

S. G. van der Heide

Haren (Gr.):

G. van der Heide

Surabaja:

W. J. van der  
Heide

Joure:

G. van der Heide

De krémaesje hat yn  
stilte pleats hawn.

Hinke Ferwerda-

v. d. Heide

winsket femylje, freonen  
en bikenden in lokkich  
1973 ta.

706-W. Thompsonstr.  
Harvard Ill. U.S.A.

Geertje, Willem Jan en Gerrit  
hijn ongehrouw'd, nodat er geen  
nakomelinge hijn.

Riemke Reinstra - v/d Heide is nu 80  
Hinke Ferwerda - v/d Heide is nu 83  
Willem v/d Heide werd 89 j. (overl ± 1975).

1981

-0-0-0-

7 novimber is yn de Finke rést Sietse Gerts van der Heide.  
Hy waerd 90 jier; súnt 18 des. 1975 widner fan Janna  
Dijkink. De kremaesje hat pleats hawn te Goutum op 11  
novimber. Wy ha him kennen as in man fol fjoer foar  
Koudum, Fryslân, de natûr. Oer it leauwe praten woed er  
net, dochs hong yn syn keamer in tegeltsje "súnder God  
giet it net". Hy rête is frede.

-0-0-0-

~~Sister~~ Gerfs v/d Heide hadden jongste zoon Gerrit  
Met de laatste - 15 jaren van zijn leven (hij overleed in 1985)  
In 't psychiatrisch ziekenhuis te Franeker.

De oudste zoon, en de enige dochter bleven onge-  
(Willem) huwd, als  
(Geertje) geen nakomeling.

Koudum, 10-7-81.  
Beste Tine,  
In inkel wurdje verom op jo  
skriuwen fan koartlyn. T, fanke,  
wat kintso lybst skriuwe, myn  
kompliment! Dank foar groet-  
nis fan Evelyn, doch myn groetnis  
ris verom. Hellelsje, nie, ely  
komt net by my, verom? Kwijs  
is net, sy komt hjir oars enol yn  
de finke, hear ik.

Ja, Dede's en Meintsje en safolle  
near al't koudumers, yn Zeeland  
doedesliels, 'k ha se dêre sa goed

Se goed kind, as de bern  
fan Harmen de Bok en sfinne.  
- 't Is wel spitsch mar my  
leide Trientsje fan Duke Quarre  
en ik ha Afke Maatje sel van  
dy nammen helpe kinnen.

~~Tine~~ Tine, fanke, fjirder ik  
beste en graetnis, ek van dyn  
husband, Jan.

Ver. 7 nov 1981

Sietse Gerts

de finke "keamer 46. p. 4<sup>e</sup> ✓

Hier heeft  
Siebe Gerts gewerkt ± 1920

## Grootvaders klokken bij de tijd

31 maart  
1995



ZEELAND - De firma Howard Miller Clock in het plaatsje Zeeland in de Amerikaanse staat Michigan heeft het dezer dagen druk met het bij de tijd brengen van de honderden 'grandfather clocks'. Komende zondag gaat daar namelijk de zomertijd in.

Foto AP